

## Earste snein fan 'e simmer

grien

19 / 25 juny

= Trinitatis yn 2011

Earste nei Trinitatis yn 2014, 2019, 2022, 2025, 2030

ELT: V nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 7; RKT: 12e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan

Harkje, HEARE, hoe lûd ik rop,  
ferstjit my net en ferlit my net,  
o God dy't my heil bringt.

(Psalm 27:7a,9b)

Psalm

De HEARE is myn ljocht en myn heil,  
fan wa soe ik bang wêze?  
De HEARE is de stins fan myn libben,  
fan wa soe ik ferfeard wêze?  
Wês sa goedgeunstich en jou my antwurd.  
O, as ik net fertroud hie,  
dat ik it goede fan de HEARE sjen soe  
yn it lân fan 'e libbenen...  
Hoopje op de HEARE,  
wês sterk en lit dyn hert sterk wêze.  
Ja, hoopje op de HEARE.

(Psalm 27:1,7b,13-14)

of: (berime)

Ps. 27:1,7

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, ús God,

dy't jo folk Israel út Egypte weifierd hawwe,

wy bidde Jo:

hilligje en bewarje jo tsjerke

troch jo oanhâldende ûntferming,

en om't hja sûnder Jo net yn frede bestean kin,

hâld har by de hân

en lied har nei de rykdom fan jo genede.

Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jeremia 15:15-21

Graduale

Ps. 79:1,3

Epistel

1 Petrus 3:8-15a

Halleluja

Halleluja. De HEARE is ús skûle en ús skyld,  
God sil geunst en gloarje jaan. Halleluja.

Evangeelje            Lukas 5:1-11  
Liet fan 'e snein    Ges. 240: Kom, hillige Geast, Heare God

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Lit ús fol wêze, God,  
fan earbied en leafde foar jo Namme,  
want nea lûke jo de hannen ôf  
fan harren dy't Jo de fêste grûn fan jo leafde  
ûnder de fuotten lein hawwe.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo,  
dy't it djipste fan it hert hifkje  
en elk fan ús by de namme kenne,  
lit ús fol earbied foar jo Namme  
harkje nei jo wurden  
en jou ús dat wy Jo weardich binne  
yn Jezus, jo Soan,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten            Jeremia 20:7-13  
Antwurdpsalm    Psalm 69:14-29  
Evangeelje        Mattéus 10:16-33

*Eingebed*

Foar wa of wat, God,  
soenen wy bang wêze  
as Jo mei ús binne?  
Lit ús tankber beseffe  
dat Jo by ús binne;  
dat wy boaden wurde  
fan goedens en barmhertichheid,  
oeral dêr't wy geane of steane,  
dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Ivige God,  
litte jo wurden  
ús fertrouwen jaan  
yn jo omgong mei minsken.  
Lit jo Soan ús leare  
hoe't wy dêrop antwurdzje moatte,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Skriften	Job 30:15-26;38:1
Antwurdpsalm	Psalm 107:17-32
Evangeelje	Markus 4:35-41

### *Eingebed*

Jo, dy't alle gaos betwinge  
en minsken net allinne litte:  
stean mei jo soarch om ús hinne  
yn Jezus, jo machtich Wurd  
en lit it ús nea net ûntbrekke  
oan dy krêft fol belofte  
dy't ús geande hâldt,  
dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, ús Beskermer,  
dy't ús sykje en fine,  
by wa't wy thús wêze meie;  
stel ús yn dizze oere iepen  
foar dy iene minske  
yn wa't jo wurden  
sa betrouber ta ús komme:  
Jezus, jo Salvling,  
dy't mei ús giet op 'e wei nei it libben,  
dizze dei en al ús dagen.

**Amen.**

Profeten	Jesaja 65:1-9
Antwurdpsalm	Psalm 89:1-9 [22:19-28]
Evangeelje	Lukas 8:26-39

### *Eingebed*

Hear, Jo jouwe ús langst  
nei it wiere libben,  
wy tankje Jo  
foar jo befrijend Wurd  
dat Jezus, jo Soan,  
sprutsen hat.  
Mei syn Geast ús besielje,  
dat wy it kweade útbanne  
en ússels weisiferje  
foar it wolwêzen fan oaren  
en sa it wiere libben fine,  
hjoed en al ús dagen.

**Amen.**

## Twadde snein fan 'e simmer

grien

26 juny / 2 july

ELT: VI nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 8; RKT: 13e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

#### Antifoon

De HEARE is de krêft fan syn folk,  
Hy is hâld en heil foar syn messias.  
Rêd jo folk en segenje jo erfdiel,  
hoedzje en draach se oant yn ivichheid.  
(Psalm 28:8-9)

#### Psalm

Oan Jo, HEARE, rop ik, myn rots,  
bliuw net doof foar my.  
Oars, as Jo neat tsjin my sizze wolle  
wurd ik gelyk mei dy't yn it grêf weisinke.  
Harkje nei myn lûde rop,  
no't ik oan Jo kryt om help,  
no't ik de hannen útstek  
nei it alderhillichste fan jo timpel.  
(Psam 28:1-2)

of: (berime) Ps. 28:1,2,4

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, God,  
foar dy't Jo leafhawwe  
hawwe Jo rykdommen taret dy't net te sjen binne.  
Stek yn ús herten it fjoer fan jo leafde oan,  
sa bidde wy, dat wy,  
dy't Jo yn alles en boppe alles leafhawwe,  
sa krije meie wat Jo ús tasein hawwe  
yn jo beloften, dy't ús tinken fier te boppe geane.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten	Jesaja 48:12-22
Graduale	Ps. 84:5,6
Epistel	Romeinen 6:3-11
Halleluja.	Halleluja. In oerfloed fan freugde is deun by Jo, leaflikens yn jo rjochterhân foar altyd. Halleluja.
Evangeelje	Mattéus 5:20-26
Liet fan 'e snein	Ges. 99: Kristus, dy't ús in skoane

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Jo hawwe ús roppen  
om bern fan it ljocht te wêzen.  
Beskyn ús aloan mei jo ljocht, o God,  
dat wy it paad net bjuster reitsje  
yn it doalhôf fan 'e tsjusternis,  
mar foar alle minsken sichtber  
libje by jo kleare wierheid.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't alle minsken  
wenje litte wolle yn jo ljocht,  
yn jo frede,  
jou ús jo Wurd  
dat wy net yn it tsjuster omdoarmje  
en lit Jezus, jo Soan,  
ús de leafde bybringe foar jo keninkryk,  
de leafde dy't ús libje lit  
op it plak dêr't wy steld binne,  
dizze oere en oant yn ivichheid.

**Amen.**

Profeten	Jeremia 29:1,4-14
Antwurdpsalm	Psalm 89:10-19
Evangeelje	Mattéus 10:34-42

*Eingebed*

Jo, dy't ús roppe  
om te libjen foar jo antlit,  
wy tankje Jo foar de leafde  
dy't ús yn it libben hâldt  
en wy freegje Jo:  
lit it gjin minske op ierde ûntbrekke  
oan soarch en goedens,  
dy't minsken oaninoar bine  
yn goede en kweade tiden,  
hjoed en al ús dagen.

**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Jo,  
dy't minsken better meitsje  
en ta libben roppe  
troch it heilsume Wurd  
fan profeten en apostels,  
stel ús iepen foar Jezus, jo Soan,  
en lit ús hjir  
de krêft fiele  
dy't fan Him útgiet  
en ús wer libje lit,  
dizze oere en al ús dagen.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 3:25 - 4:6
Antwurdpsalm	Psalm 119:9-16 [30]
Evangeelje	Markus 5:21-43

### *Eingebed*

God fan libben,  
lit ús fêsthâlde oan 'e hope  
dy't jo Wurd yn ús wekker ropt.  
Lit ús bestean útstrielje  
dat wy op Jo betrouwe,  
Jo dy't ús net oerjouwe oan 'e dea  
mar ornearre hawwe om te libjen,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't ús libben  
yn jo hannen hâlde:  
sprek jo Wurd ta ús  
en meitsje ús frij,  
bring ús op jo wei  
troch de macht fan jo leafde.  
Lit de Geast fan Jezus, jo Soan,  
ús barmhertich meitsje,  
dizze oere en al ús dagen.  
**Amen.**

Profeten	1 Keningen 19:19-21
Antwurdpsalm	Psalm 16
Evangeelje	Lukas 9:51-62

### *Eingebed*

Jo, dy't ús jo wegen wize:  
lit it ús nea net ûntbrekke  
oan jo Wurd dat libben jout.  
Bliuw mei ús ûnderweis  
en lit de hiele wrâld fernimme  
dat Jo noed foar har steane  
en ús ta frede roppe,  
dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**



## Tredde snein fan 'e simmer

grien

3 / 9 july

ELT: VII nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 9; RKT: 14e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoon                      Folken allegearre, klap yn 'e hannen,  
sjong God ta mei lûd gejubel.  
(Psalm 47:2)

Psalm                      Want de HEARE, de Heechste, is ûntsachlik,  
in grut kening is Hy oer de hiele ierde.  
Sjong foar ús God, ja sjong,  
sjong foar ús Kening, ja sjong.  
God is kening wurden oer de folken,  
God hat Him set op syn hillige troan.  
(Psalm 47:3,7,9)

of: (berime)              Ps. 47

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, himelske Heit,  
oan Wa't alle eare takomt,  
wy bidde Jo:  
meitsje ús lichem en ús siel  
folslein jo eigendom  
en jou yn jo grutte genede  
dat net ús eigen sin, mar jo hillige wil  
ús libben alhiel yn beslach nimt.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten                      Jeremia 3:21 - 4:2

Graduale                      Ps. 90:1,5,8

Epistel                      Romeinen 6:19-23

Halleluja                      Halleluja. Kom, lit ús de HEARE tajubelje,  
jûchje foar de rots dy't ús rêdt. Halleluja.

Evangeelje                      Markus 8:1-9

Liet fan 'e snein              Ges. 349: O Heit, nim Jo it lot Jo nei.

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Doe't jo leave Soan Him fernedere,  
hawwe Jo ús oereinholpen  
út ús djippe fal.  
Jo wolle ús befrije  
út 'e ferslaving oan heechmoed en selssucht.  
Wy bidde Jo: jou ús  
dat wy de blydskip fan it leauwe net kwytreitsje  
en dat wy betroubere tsjûgen wurde  
fan jo grutte genede.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

God fan himel en ierde,  
wês yn ús fermidden  
as wy gearkomme yn jo Namme  
en jou ús jo hillige Geast  
om diel te krijen oan it wiere lok,  
no't Jo ta ús sprekke yn Jezus,  
jo Wurd fan trou,  
dizze oere en al ús dagen.  
**Amen.**

Profeten	Sacharja 9:9-12
Antwurdpsalm	Psalm 145:1-12
Evangeelje	Mattéus 11:25-30

*Eingebed*

Jo, dy't noed steane foar minsken,  
lis op ús it jok  
fan leafde en sêftmoedigens,  
en lied ús yn 'e fuotprinten  
fan Jezus, jo Soan,  
dat wy de frede kenne  
dêr't wy nei útsjogge  
en barmhertich wêze meie  
foar alle minsken dy't wy moetsje,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Hillige God,  
jou dat wy fol wurde fan jo Geast  
en meitsje ús fertroud mei jo wurden.  
Iepenje ús eagen foar Him  
dy't yn eigen lân gjin erkenning krige,  
mar dy't foar ús allegearre de Iennichste is,  
yn Wa't jo stim betrouber ta ús komt:  
Jezus, ús Befrijer,  
dizze oere en al ús dagen.  
**Amen.**

Profeten	Ezechiël 2:1-7
Antwurdpsalm	Psalm 123
Evangeelje	Markus 6:1-6

### *Eingebed*

Jo,  
dy't ús yn in minskebern  
de wysheid ta it libben leare,  
jou ús de krêft  
om minsken te wurden  
dy't sûnder foarbehâld leafhawwe  
en meitsje sa de ierde ta in thúshûs  
dêr't Josels by ús wenje,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo,  
dy't treaste wolle  
mei jo Wurd fan leafde,  
printsje ús yn it hert  
it byld fan Jezus, jo Soan.  
Lit jo keninkryk komme,  
dêr't minsken en folken  
befrijend meielkoar omgeane  
en noed steane foar elkoars gelok,  
dizze oere en al ús dagen.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 66:10-14
Antwurdpsalm	Psalm 66:1-12
Evangeelje	Lukas 10:1-20

### *Eingebed*

Jo,  
dy't ús roppe ta jo keninkryk  
troch it Wurd fan Jezus, jo Soan,  
meitsje fan ús minsken  
dy't syn stim fersteane  
rûnom dêr't dy klinkt  
en lit ús dieden sprekke  
fan dy wierheid  
yn 'e krêft fan jo hillige Geast,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## Fjirde snein fan 'e simmer

grien

10 / 16 july

ELT: VIII nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 10; RKT: 15e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoon

Wy betinke jo genede  
binnen yn jo timpel.  
Likegoed as jo namme, o God,  
rikt jo lof oan 'e ein fan 'e ierde ta.

(Psalm 48:10-11)

Psalm

Grut is de HEARE en tige te priizgjen  
yn 'e stêd fan ús God.  
Syn hillige berch, dy sierlike hichte,  
is in freugde foar de hiele ierde.  
De Sionsberch, de hege noardkant,  
is de stêd fan in grut kening.

(Psalm 48:2-3)

of: (berime)

Ps. 48:1,3,4

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, ús God,  
yn jo wysheid hawwe Jo it bêste mei ús foar.  
Dêrom bidde wy yn alle dimmenens:  
hâld by ús wei wat ús skea dwaan soe  
en jou ús wat ta ús goederbêst is.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jeremia 7:2-7 [11]

Graduale

Ps. 116:1,2,3,4

Epistel

Romeinen 8:12-17

Halleluja

Halleluja. Kom, lit ús delfalle en bûge,  
knibbelje foar de HEARE, dy't ús makke  
hat. Halleluja.

Evangeelje

Mattéus 7:15-21

Liet fan 'e snein

Ges. 252: Hoe hjit de frucht fol deugden

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Dêr't wy yn it tsjuster taaste,  
skine Jo, o God,  
mei it ljocht fan 'e wierheid.  
Bewarje ús derfoar,  
dat wy yn ús dwaan en litten  
jo wierheid skeine.  
Jou ús de wysheid  
om troch alle ûnwierheid hinne te sjen  
en jou ús de moed  
dy ek tsjin te sprekken.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Hear,  
dy't ús hongere nei frede  
stillet mei jo Wurd,  
wy bidde Jo:  
lit it as sied yn 'e ierde  
nije hope yn ús wekker roppe,  
en in mienskip byinoar bringe  
dy't fruchten draacht  
fan leafde en gerjochtichheid,  
troch de Geast fan Jezus, jo Soan,  
dizze oere en al ús dagen.

**Amen.**

Profeten	Jesaja 55:6-13
Antwurdpsalm	Psalm 65
Evangeelje	Mattéus 13:1-9,18-23

*Eingebed*

Jo,  
dy't foar jo skepping noed steane,  
lit jo Wurd  
yn goede ierde falle,  
en meitsje fan ús minsken  
dy't it ek dogge;  
lit it sa wêze,

dat ienris de hiele ierde  
sprekt fan jo soarch  
dy't ús behâldt en libje lit  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

## **jier B**

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, ús Befrijer,  
dy't ús roppe om rûnom yn 'e wrâld  
jo leafde en frede bekend te meitsjen:  
lit it Wurd fan jo belofte  
ús krêft en rykdom wêze  
troch Jezus, jo Soan,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 52:1-6
Antwurdpsalm	Psalm 85
Evangeelje	Markus 6:6b-13

### *Eingebed*

Jo,  
dy't ús de hân rikke  
op 'e wei nei gerjochtichheid  
yn Jezus, ús broer,  
wy freegje Jo  
dat wy yn ús dagen  
syn wurden sprekke meie,  
dat der genêzing en fersoening komt  
ûnder minsken en folken,  
hjoed en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't by minsken wêze wolle,  
lit ús jo Wurd ferstean  
as in ûnthjit fan freugde  
en lit ús libben droegen wurde  
troch de leafde en barmhertichheid  
dy't ús ferskine yn Jezus, jo Soan,  
foar ús de wei, de wierheid en it libben,  
dizze oere en al ús dagen.

**Amen.**

Tora	Deuteronomium 30:9-14
Antwurdpsalm	Psalm 25:1-10
Evangeelje	Lukas 10:[21] 25-37

### *Eingebied*

Jo, dy't ús leafhawwe  
en ús aloan op 'e noed nimme,  
lit ús sa by oare minsken wêze  
dat foar ús allegearre  
it libben goed wurdt  
en barmhertichheid ús geande hâldt,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.

**Amen.**



## Fiifde snein fan 'e simmer

grien

17 / 23 july

ELT: IX nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 11; RKT: 16e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan

Sjoch, God is myn stipe,  
De Hear is myn helper as oars gjinien.  
Hy lit it kwea op myn fijannen werom-  
komme;

omwille fan jo trou, ferdylgje se!

(Psalm 54:6-7)

Psalm

O God, jou my útrêding troch jo namme,  
help my oan myn rjocht troch jo macht.  
Frjemdfolk stiet tsjin my op,  
geweldners geane my op it libben.  
Hja hawwe God net foar eagen.  
Hoe reewillich sil ik Jo in offer bringe,  
tankber sizze, HEARE, dat jo namme goed  
is.

(Psalm 54:3,5,8)

of: (berime)

Ps. 54

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, ús God,  
jou ús, sa bidde wy Jo,  
in geast dy't altyd it goede wol  
en dat mei jo help ek folbringt,  
dat wy, dy't sûnder Jo neat kinne,  
krêft krije om te libjen sa't Jo dat bedoeld hawwe.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jeremia 32:37-42

Graduale

Ps. 9:1,2,3,4,5

Epistel

1 Korintiërs 10:1-13

Halleluja

Halleluja. Sjong de HEARE in nij liet, want  
Hy hat wûnders dien. Halleluja.

Evangeelje

Lukas 16:1-9

Liet fan 'e snein

Ges. 480: Jo hawwe, o Heit dy't alles liede

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Wês goed, o God,  
foar allegearre dy't nei Jo útsjogge  
en seinigje ús  
mei de jeften fan jo genede,  
dat wy sterk steane  
yn leauwe, hope en leafde  
en aloan foar eagen hawwe  
wat Jo wolle dat wy dogge.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Trouwe God, Israels Hillige,  
al wat bestiet  
krijt fan Jo  
romte en groede  
om ta syn doel te kommen.  
Wy bidde Jo:  
sprek jo Wurd ûnder ús,  
meitsje it fruchtber  
yn myldens en geduld  
en jou ús sa útsjoch  
op frede dy't bliuwt,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 40:12-25
Antwurdpsalm	Psalm 86
Evangeelje	Mattéus 13:24-30,36-43

*Eingebed*

Jo, Skepper fan alle libben,  
haw geduld mei jo ierde  
en meitsje har fol fan jo hillige Geast,  
dat alle kwea oerwûn wurdt  
troch de leafde fan Jezus, jo Soan,  
dy't minsken gearbringt  
en in ferbûnens skept foar altyd,  
no en oan 'e ein fan 'e wrâld ta.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Hoeder fan minsken,  
Jo wize ús de wei  
nei goedens en frede  
troch jo betrouber Wurd.  
Jou dat wy ûnderweis sterke wurde  
troch de neibyeheid fan Jezus, ús broer,  
it brea fan it libben.  
Mei Hy ús besielje  
om yn wierheid noed te stean  
foar elkoars gelok,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Profeten	Jeremia 23:1-6
Antwurdpsalm	Psalm 23
Evangeelje	Markus 6:45-52

### *Eingebed*

Jo, dy't oan minsken rjocht dogge,  
wy tankje Jo,  
dat jo soarch foar ús taastber wurden is  
yn Jezus Kristus, ús broer.  
Lit it ús grutste freugde wêze om  
foar elkoar noed te stean  
en elkoar foar it kweade te bewarjen,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

God fan it Ferbûn,  
bring ús  
yn 'e stilte fan jo hûs  
en lit ús jo wurden ferstean.  
Meitsje ús lokkich yn it witten  
dat ús tsjinstwurk, ús lok en libben  
Jo oan it hert geane,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

Profeten	1 Samuel 1:1-20
Antwurdpsalm	Psalm 15
Evangeelje	Lukas 10:38-42

### *Eingebied*

God fan stilte,  
wy tankje Jo,  
dat Jo nei ús harkje  
as wy ús ta Jo keare.  
Lear ús te harkjen nei jo Soan,  
dy't ús it goede diel jaan wol,  
dat wy mei-elkoar de frede yngeane  
dêr't de wrâld op wachtet,  
hjoed en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

## Sechsde snein fan 'e simmer

grien

24 / 30 july

ELT: X nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 12; RKT: 17e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan

Ik rop oan God,  
de HEARE sil my útrêding jaan.  
Lis dyn lêst op 'e HEARE,  
Hy sil dy oerein hâlde.  
Yn ivichheid sil Er net tastean  
dat de rjochtfeardige wifket.

(Psalm 55:17,23)

Psalm

Hâld it ear iepen, Hear, foar myn bidden,  
wês net doof foar myn smeejken.  
Slaan my acht en jou my antwurd;  
ik kom om yn fertwiveling.  
Ik reitsje oerstjoer fan it gerop fan 'e fijân,  
fan it geskreau fan 'e ferkearde minsken.  
Want se litte ûnheil op my delkomme,  
fergrime sitte se my achternei.

(Psalm 55:2-4)

of: (berime)

Ps. 55:1,2,6,7

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, God, Kening yn ivichheid,  
dy't ús troch it Evangeelje roppen hat  
om jo gemeente te wêzen  
en erfgenamten fan jo beloften,  
wy bidde Jo:  
lit ús witte hoe goed Jo it mei ús foar hawwe,  
dat wy leare te ferstean wat frede ynhat.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jeremia 23:16-29

Graduale

Ps. 17:1,3,4,6,7

Epistel

1 Korintiërs 12:1-11

Halleluja

Halleluja. Jubelje foar God, do hiele ierde,  
besjong de gloarje fan syn namme, meitsje  
der in prachtige lofsang op. Halleluja.

Evangeelje

Lukas 19:41-48

Liet fan 'e snein

Ges. 321: O iiv'ge Heit, o heimenis

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Jo hâlde yn ús de hope libben, o God,  
en sûnder Jo hâldt gjin ding syn wearde.  
Lit ús sa jo heil ûnderfine  
dat wy middenmank alle jeften en opjeften  
fan it libben fan al den dei  
net út it each ferlieze  
wêr't it yn wêzen om giet.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Ferburgen God,  
sûnder dat wy it witte en fol geheimen  
geane Jo mei ús om.  
Wy bidde Jo:  
meitsje ús ûntfanklik  
foar de goede wurden  
dy't Jo sizze  
en bring ús yn 'e wysheid fan jo keninkryk,  
troch Jezus, jo Soan,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Profeten	1 Keningen 3:5-12
Antwurdpsalm	Psalm 119:121-128
Evangeelje	Mattéus 13:44-52

*Eingebed*

Jo, dy't witte  
wat goed foar ús is,  
ferhear ús bidden  
en meitsje fan ús minsken  
dy't har rykdom fine  
yn 'e wysheid fan Jezus,  
jo Wurd, dat fol belofte is,  
en ús bringt  
yn 'e frijheid fan jo bern,  
dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't jo folk ûntferming jouwe  
yn al syn benearing  
en mei jo libbensamme  
alle ûnrêst bestilje,  
sprek ta ús jo Wurd  
dat ús bemoediget en befrijt  
en ús minsken makket nei jo hert,  
troch Jezus, jo Soan,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 63:7-14
Antwurdpsalm	Psalm 114
Evangeelje	Markus 6:45-52

### *Eingebied:*

Hear, Jo geane net foarby  
oan minsken yn har eangst,  
Jo jouwe beskerming  
oan allegearre dy't ta Jo roppe,  
wy bidde Jo:  
skink ús jo Geast,  
dy't libben makket,  
jou ús ynsjoch yn wat Jo wolle  
en bemoedigje ús  
om fierder te gean op jo wei,  
dy't fiert nei it lân fan belofte:  
in wrâld fol gerjochtichheid en frede,  
dizze dei en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't in freon  
en in taflecht binne,  
Jo geane yn 'e pleit foar allegearre dy't Jo sykje.  
Underrjochtsje ús troch jo wurden  
en lear ús te bidden  
yn 'e Geast fan Jezus,  
dy't ús Foarspraak is by Jo,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Tora	Genesis 18:20-33
Antwurdpsalm	Psalm 138
Evangeelje	Lukas 11:1-13

### *Eingebed*

Yn jo ferburgenheid witte Jo, Hear,  
wat der yn ús hert omgiet;  
lit ús net omdôch oan Jo roppe,  
mar jou ús krêft  
om yn goede en kweade dagen  
as oprjochte minsken mei-elkoar te libjen  
yn 'e neifolging fan Him  
dy't ús broer is,  
Jezus, jo Soan,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**



## Sânde snein fan 'e simmer

grien

31 july / 6 augustus

ELT: XI nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 13; RKT: 18e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoon                      Unsachlik is God,  
as Er út syn hillichdom komt.  
Hy is de God fan Israel,  
dy't syn folk macht en sterkte jout.  
(Psalm 68:36)

Psalm                      God komt oerein, de fijannen spatte  
útinoar,  
syn haters geane foar Him op 'e flecht.  
De rjochtfeardigen ferbliidzje har,  
jubelje foar Gods antlit,  
binne optein fan wille.  
Heech te priizgjen is de Heare al den dei;  
Hy draacht ús, de God dy't ús rêdt.  
(Psalm 68:2,4,20)

of: (berime)              Ps. 68:1,2,7,12

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, God, dy't jo macht toane  
benammen yn ferjouwing en ûntferming,  
lit ús jo barmhertichheid yn rynske mjitte ûnderfine,  
sa bidde wy Jo,  
dat wy tidigje meie op jo beloften  
en diele meie yn de himelske jeften.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten                      Earste taheakke op it boek Daniël: 34-45

Graduale                      Ps. 17:1,2,3

Epistel                      1 Korintiërs 15:1-10

Halleluja                      Halleluja. Tankje de HEARE! Rop syn  
Namme út! Meitsje ûnder de folken syn  
dieden bekend. Halleluja.

Evangeelje                      Lukas 18:9-14

Liet fan 'e snein              Ges. 407: Allinne yn Jo is myn behâld

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Wês tichteby jo minsken, o God  
en seinigje har dy't ta Jo bidde.  
Jo binne ús Skepper,  
Jo behoedzje ús in libben lang.  
Bring ta bloei  
wat Jo yn ús siedde hawwe  
en gean hoeden om  
mei wat ta bloei komt.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, God, fol genede en ferjouwing,  
wês yn ús fermidden  
en segenje ús mei jo wurd,  
dat bruorren en susters fan ús makket  
en ús longerje lit  
nei frede en gerjochtichheid foar allegearre;  
skink ús jo goede Geast  
om 'e wille fan Him  
dy't ús de tagong jout ta Jo:  
Jezus Kristus, ús Hear,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Profeten	Nehemia 9:15-20
Antwurdpsalm	Psalm 78:13-22
Evangeelje	Mattéus 14:13-21

*Eingebed*

Jo, dy't neiby wêze wolle  
foar allegearre dy't honger lije  
en ferhûddûke wurde,  
meitsje fan ús minsken  
dy't elkoar hope jouwe,  
dat de ierde fol wurdt  
fan duorjende minskeleafde,  
en allegearre sêde wurde

mei jo libbensbrea,  
dizze dei en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

## **jier B**

### *Gebed fan 'e snein*

God fan himel en ierde,  
Jo dy't ús bringe wolle  
nei it lân fan belofte,  
lit ús yn jo wegen gean  
en iepenje ús hert  
foar jo befrijend Wurd,  
dat wy sjogge wat frede ynhat  
yn Jezus Messias,  
dy't it wiere libben jout,  
no en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Deuteronomium 10:12-21
Antwurdpsalm	Psalm 15
Evangeelje	Markus 7:1-23

### *Eingebed*

Jo, dy't ús sjogge en ús kenne,  
fernij ús allegearre troch de goede Geast  
dy't Jo ús jouwe,  
dat wy ús ôfkeare fan alles  
wat minsken ûnrjocht docht  
en elkoar yn leafde tsjinje wolle,  
lykas Jezus Kristus, jo Soan,  
de wiere wei nei it libben,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Ferburgen God,  
Jo dy't yn alle wysheid  
ús swakheden bedekke,  
wiis ús de wei  
nei libben en frijheid  
troch jo Wurd,  
dat Jo sprutsen hawwe  
yn Jezus, jo Soan,  
dy't ús foarbyld is fan dei ta dei  
en dy't ús wiere wysheid leart,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Skriften	Preker 2:1-11
Antwurdpsalm	Psalm 49:1-13
Evangeelje	Lukas 12:13-21

### *Eingebied*

Jo, dy't harkje  
as wy ta Jo bidde,  
lit ús jo wil ferstean,  
hoedzje ús siel  
en meitsje fan ús minsken  
oan wa't it leed fan dizze wrâld  
net foarbygiet,  
mar dy't har bekroadzje  
om elkoars lok,  
om 'e wille fan Jezus, jo Soan,  
ús Liedsman nei it libben,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

## Achtste snein fan 'e simmer

grien

7 / 13 augustus

ELT: XII nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 14; RKT: 19e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoon

O God, rêd my,  
kom mei hasten, HEARE, om my te helpen.  
(Psalm 70:2)

Psalm

Lit beskamme en foar skande stean  
dy't it op myn libben fersjoen hawwe.  
Lit beskamme tebekskrilje  
dy't kwea tsjin my yn 't sin hawwe.  
Lit se har omkeare fan skamte  
dy't sizze: Moai sa! Krekt goed!  
Mar lit optein wêze en har bliid meitsje  
om Jo  
allegearre dy't Jo sykje;  
en dy't fan Jo rêding begeare,  
lit dy altyd sizze: Grut is de HEARE.  
En ik, earme en ellindige, –  
o God, kom mei hasten by my!  
Myn Helper en Rêder binne Jo,  
Heare, bliuw net wei.

(Psalm 70:3-7)

of: (berime)

Ps. 70

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Jo, Ivige, God boppe alle machten  
dy't ferhearre boppe bidden en tinken  
en mear jouwe as wat wy fertsjinje,  
wy bidde Jo:  
ûntfermje Jo oer ús,  
nim wei wat ús slim benearet  
en jou ús mear as wy freegje doare.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jesaja 6:8-13 [Ezechiël 25:1-7]

Graduale

Ps. 34:1,2,3

Epistel

2 Korintiërs 3:4-9

Halleluja	Halleluja. Oan ien wei wol ik de HEARE priizgje, aloan is myn mûle fol lof oer Him. Halleluja.
Evangeelje	Markus 7:31-37
Liet fan 'e snein	Ges 15: No sjong ik foar de Heare

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Jo, dy't wy ús Heit neame meie,  
stel ús yn steat  
om te libjen as dochters en soannen fan Jo  
en lit ús folwoeksen wurde yn it leauwe.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo,  
dy't werskeppend  
wêze wolle by allegearre  
dy't yn need en benearing  
jo help ferwachtsje,  
kom ús temjitte en sprek jo Wurd  
dat ús betrouwen jout yn Jo:  
Jezus Kristus, ús Hear,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Jona 2:1-11
Antwurdpsalm	Psalm 29
Evangeelje	Mattéus 14:22-33

*Eingebed*

Jo, dy't sein hawwe:  
“Wês net bang, Ik bin by dy”,  
stjoer ús hjirwei nei hûs ta  
om te dwaan wat foar de hân leit,  
om leafde te jaan en frede te bringen,  
hiel ienfâldich en blier,  
besiele troch ús fertrouwen

yn 'e libbenskrêft fan Jezus, ús Hear,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## **jier B**

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't nei minsken omsjogge,  
lit ús net allinne,  
mar sterkje ús mei libbenskrêft  
troch it Wurd en de Geast  
fan Jezus, jo Soan;  
iepenje ús hert yn dizze oere  
foar jo genedige soarch  
dy't om ús hinne is,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten            2 Keningen 4:8-18 [37]  
Antwurdpsalm    Psalm 34:1-11  
Evangeelje        Markus 7:24-30

### *Eingebed*

Jo, dy't genedich binne,  
wy tankje Jo  
dat Jo ús jo lûd hearre  
en jo antlit sjen litte  
yn Jezus, jo Soan,  
wy freegje Jo:  
lit ús libben tekene wurde  
troch jo wurden, fol beloften,  
dat jo Geast oer alle minsken komt,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Ienige en barmhertige God,  
Skepper fan blydskip,  
tink oan ús,  
want hoe soe it mei ús komme  
as jo ús net op 'e noed namen?  
Jou ús allegearre takomst  
dat wy fan it libben genietsje  
troch it Wurd fan Jezus, jo Soan,  
dy't ús yn jo hearlikheid bringt,  
dizze oere en al ús dagen.

**Amen.**

Profeten	Jesaja 65:17-25
Antwurdpsalm	Psalm 33:12-22
Evangeelje	Lukas 12:32-40

### *Eingebied*

Jo, Skepper fan in nije himel  
en in nije ierde,  
Jo dy't ús God neamd wurde wolle,  
wy tankje Jo  
dat gjin minske om 'e nocht  
nei befrijing hoecht út te sjen.  
Lit it Wurd fan Jezus, jo Soan,  
ús wach meitsje  
en ús wurkje litte  
oan jo stêd fan frede,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.

**Amen.**



## Njoggende snein fan 'e simmer

grien

14 / 20 augustus

ELT: XIII nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 15; RKT: 20e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Antifoon

Tink oan jo ferbûn, o HEARE,  
en ferjit it bestean fan jo ellindigen  
net foargoed.

Oerein o God, pleitsje jo pleit.

(Psalm 74:20a,19b,22a)

Psalm

Wêrom, o God, ha Jo ús foargoed ferstjitten  
en stiet jo grime te baarnen tsjin de keppel  
dêr't Jo noed foar steane?

Tink oan jo gemeente,  
dy't Jo alear wûn hawwe,  
de stamme dy't Jo as erfdiel frijkochten,  
de berch Sion dêr't Jo Jo nei wenjen set ha.  
Jou Jo op nei de ivige púnfallen;  
alles hat de fijân yn it hillichdom  
ferniel.

En dochs is God fan âlds myn kening,  
dy't ferlossing bewurket midden op 'e  
ierde.

(Psalm 74:1-3,12)

of: (berime)

Ps. 74:1,2,7,13,14

*Gebed fan 'e snein (Collecta)*

Hear, God, grut yn ûntferming,  
dy't troch jo genede jo leauwigen yn steat stelle  
om Jo te tsjinjen sa't Jo dat bedoeld hawwe,  
wy bidde Jo:  
jou dat wy op jo beloften yngeane  
en de ferkundiging fan jo Wurd  
sûnder argewaasje en oanstjit ta ús komme litte.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jesaja 33:2-9 [10]

Graduale

Ps. 74:11,12

Epistel

Galatiërs 3:15-22

Halleluja	Halleluja. Loovje, tsjinnern fan de HEARE, loovje de Namme fan 'e HEARE. Heech te priizgjen is de nammen fan 'e HEARE fan no ôf oant yn ivichheid. Halleluja.
Evangeelje	Lukas 10:23-37
Liet fan 'e snein	Ges. 404: Nei Jo, Hear Jezus, riist myn klacht

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Grutte en goede God,  
it is foar ús eagen ferburgen  
wat Jo oan goeds tatocht hawwe  
oan wa't Jo yn leafde sykje.  
Reitsje dan ús herten oan,  
dat wy Jo leafhawwe kinne  
boppe al it oare  
en jo beloften heger sette  
as ús eigen winsken.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Barmhertige God,  
iepenje ús foar jo Wurd  
en meitsje ús ûntfanklik  
foar jo beloften,  
dy't ornearre binne foar  
alle minsken.  
Lit ús groeie ta de gerjochtichheid  
fan Jezus, jo Soan,  
dy't fan ús frije minsken makket,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 56:1-7
Antwurdpsalm	Psalm 67
Evangeelje	Mattéus 15:21-28

### *Eingebed*

Jo, dy't ús hjirre  
ta in mienskip meitsje,  
ferhear ús bidden  
en lit jo leafde  
fan ús minsken meitsje  
dy't mei-inoar partsje  
wat it libben ús bringt.  
Befrij ús sa fan alle kwea  
en meitsje ús lokkich  
troch Jezus Kristus, ús Hear,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

### **jier B**

#### *Gebed fan 'e snein*

Trouwe God,  
dy't ús fertoarre libben  
opfleurje wol troch jo genede,  
jou ús jo blydskip,  
iepenje ús earen  
en lit ús hert opspringe fan freugde  
troch it Wurd fan Jezus, jo Soan,  
jo betroubere Tsjûge,  
dizze oere en al ús dagen.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 35:1-10
Antwurdpsalm	Psalm 146
Evangeelje	Markus 7:31-37

### *Eingebed*

Jo, dy't ús oereinhelpe  
út ferlamming en pine,  
meitsje fan ús nije minsken  
en lit de wrâld  
de hieljende krêft  
fan jo leafde ûnderfine,  
dizze dei en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Ivige God,  
Jo dy't himel en ierde fol meitsje,  
lit de wurden  
dy't Jo ta ús sprekke  
ús hert iepensette  
foar de krêft fan jo Geast  
dat wy gean meie yn 'e fuotprinten fan Jezus,  
jo tsjinner, ús libbensljocht,  
dy't jo wurden oan 'e ein ta folbrocht hat,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Jeremia 23:23-29
Antwurdpsalm	Psalm 82
Evangeelje	Lukas 12:49-56

### *Eingebed*

Trouwe God,  
wy tankje Jo foar it fjoer  
dat Jo op 'e ierde brocht ha  
yn Jezus, jo Soan.  
Stek yn ús allegearre  
it fjoer oan fan jo leafde,  
ferjouwing en goedens  
en meitsje sa de ierde bewenber,  
dizze dei en al ús dagen.  
**Amen.**

## Tsiende snein fan 'e simmer

grien

21 / 27 augustus

ELT: XIV nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 16; RKT: 21e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoon

Sjoch del op ús beskermer, o God,  
en skôgje it antlit fan jo salvling.  
O, ien dei yn jo timpel  
giet boppe tûzen oare.

(Psalm 84:10-11a)

Psalm

Hoe leaflik is jo wente, HEARE almachtich.  
Ik longerje en smachtsje,  
ik kwyn wei fan ferlangst  
nei de foarhôven fan de HEARE.  
Myn hert en myn lea roppe  
om de libbene God.  
Lokkich dy't yn jo hûs wenje.  
Hja kinne Jo aloan de lof tasjonge.  
Want de HEARE is ús skûle en skyld,  
God sil geunst en gloarje jaan.  
De HEARE ûntkeart it goede net  
oan har dy't rjochte wegen gean.

(Psalm 84:2,3,5,12)

of: (berime)

Ps. 84:1,5,6

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, God, boppe alle machten,  
jou ús in echt en oprjocht leauwe,  
sa bidde wy,  
en fermearderje dat dei oan dei.  
Jou ús ek hope en leafde,  
dat wy Jo en ús neiste  
tsjinje sa't Jo dat wolle.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jesaja 56:1-8

Graduale

Ps. 118:3, 6

Epistel

Galatiërs 5:16-24

Halleluja

Halleluja. Wa't it offer fan lof bringt, dy

earet My, en dy't oprjocht is, him lit Ik  
Gods heil sjen. Halleluja.  
Evangeelje      Lukas 17:11-19  
Liet fan 'e snein      Ges. 20: Sjong fleurich en fan herten

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Jo, dy't stjoer jouwe  
oan ús tinken en begearen,  
jou dat yn ús wekker wurdt  
de leafde foar wat Jo fan ús freegje  
en dat wy útsjogge nei wat Jo ús jaan wolle.  
Dan sille wy ûnderfine,  
by alles wat ús ûnwis makket,  
dat wy freugde skeppe kinne  
út 'e boarne dy't nea opdroeget.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't harkje nei minsken,  
wês yn ús fermidden  
en lit ús ûnderfine  
hoe't Jo foar ús de poarte  
nei jo ryk iependogge yn Jezus, de Minskesoan.  
Underrjochtsje ús  
hoe't wy troch syn Wurd  
ús libben behâlde sille  
en de ierde  
in hûs fan gerjochtichheid wurdt,  
dizze oere en al ús dagen.

**Amen.**

Profeten      Jesaja 51:1-6  
Antwurdpsalm      Psalm 138  
Evangeelje      Mattéus 16:21-27

*Eingebied*

Jo, dy't ús roppe ta in mienskip  
yn Jezus, ús betroubere Tsjûge,

meitsje jo Tsjerke ree  
om har aloan  
wer oer te jaan oan syn wurden  
en omtinken te hawwen foar jo keninkryk  
om sa in ljocht te wurden  
foar alle minsken op ierde  
yn 'e krêft fan jo Geast,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't wurden sprekke  
fan Geast en libben:  
iepenje ús earen foar Him  
dy't ús befrije sil,  
Jezus Messias.  
Lit syn Geast allegearre fernije  
dy't sykje nei libben en lok  
en hope en útsjoch jaan  
oan wa't yn need en benearing sitte,  
dat se jo goedens ûnderfine meie,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**

Profeten            2 Keningen 4:42-44  
Antwurdpsalm    Psalm 78:17-29  
Evangeelje        Markus 8:1-21

### *Eingebed*

Jo, dy't ús oansprekke  
yn it Wurd fan Jezus, ús broer;  
lit ús oan Him fêsthâlde  
by alles wat oer ús komt  
om 'e wille fan de frede op ierde,  
de gerjochtichheid ûnder de minsken  
en de takomst ûnder de sinne.  
Jou ús allegearre  
dat wy diel krije oan jo keninkryk,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Hillige God fan Israel,  
God fan ûntferming,  
Jo dy't alle minsken ta jo folk  
meitsje wolle  
troch jo Wurd fol beloften,  
wiis ús de wei yn Jezus, jo Soan,  
de boadskipper fan jo heil  
foar alle folken op ierde,  
en lit ús yngean yn jo hûs fol freugde,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 30:15-21
Antwurdpsalm	Psalm 112
Evangeelje	Lukas 13:22-30

### *Eingebied*

God fan Abraham, Izaäk en Jakob,  
ferhear ús bidden  
en lit de wrâld de frede kenne  
dy't Hy tasein hat,  
Hy dy't himsels priis jûn hat  
om alle minsken foar Jo te winnen,  
Jezus, ús learaar foar it libben,  
lit ús mei Him oanlizze  
yn jo keninkryk fan gerjochtichheid,  
dizze dei en al ús dagen.  
**Amen.**



## Alfde snein fan 'e simmer

grien

28 augustus / 3 septimber

ELT: XV nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 17; RKT: 22e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan Hâld jo ear iepen en antwurdzje my,  
HEARE.

Jo, myn God, op Wa't ik fertrou,  
help my dochts!

Wês my genedich, Hear,

want de hiele dei rop ik om Jo.

(Psalm 86:1a,2b-3)

Psalm Jou jo feint wer fleur yn it libben,  
want al myn langst giet nei Jo út.

Wiis my, HEARE, de wei,

dan gean ik, yn trou oan Jo, myn paad.

Jou myn hert ien doel:

ûntsach foar jo namme.

(Psalm 86:4,11)

of: (berime) Ps. 86:1,2,4

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, ús God, wy bidde Jo:

hoedzje jo tsjerke aloan

en om't wy yn ús minsklike swakkens

sûnder Jo komme te fallen,

kear by ús wei wat ús skea docht

en lied ús hieltyd mear op 'e wei fan it heil.

Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Jesaja 66:5-14

Graduale Ps. 92:1,2

Epistel Galatiërs 5:25 - 6:10

Halleluja Halleluja. In grut God is de HEARE, in  
grut kening oer alle goaden. Halleluja.

Evangeelje Mattéus 6:24-34

Liet fan 'e snein Ges. 410: Lit ús no mei mûle en hert

*Gebed fan 'e snein (jier (A-B-C)*

Boarne fan krêft,  
fan alles wat goed is,  
plantsje yn ús hert  
de leafde foar jo Namme,  
jou dat ús leauwe groeie mei  
en hoedzje en noedzje  
de fruchten fan jo Geast.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't ús roppen hearre  
en ús de wei nei it libben wize,  
dy't wy begaan meie,  
wy bidde Jo:  
ferljochtsje ús hert  
troch de hillige Geast,  
en sprek jo Wurd  
dat bergen ferset  
en ús fertrouwen jout  
yn Jezus, de Minskesoan,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Jeremia 7:21-28
Antwurdpsalm	Psalm 105:1-7
Evangeelje	Mattéus 17:14-20

*Eingebed*

Jo, dy't minsken better meitsje  
nei siel en lichem,  
wy tankje Jo  
foar jo geduld mei ús  
yn Jezus, jo Soan.  
Jou ús betrouwen  
yn 'e krêft fan jo Geast  
dy't it oansjen fan 'e ierde fernijt,  
dizze dei en ús hiele libben.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't by ús wêze wolle,  
neat is te wûnderlik yn jo eagen.  
Lit ús skerp harkje  
nei jo Wurd,  
dat wy sjen sille  
hoe't de wei nei it libben fiert,  
hoe't Jezus, jo Soan,  
ús dêrop foargiet  
ta behâld en freugde  
fan alle minsken op ierde,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Sacharja 8:4-8,20-23
Antwurdpsalm	Psalm 34:12-23
Evangeelje	Markus 8:22-26

### *Eingebed*

Jo, dy't ús sjogge en kenne,  
iepenje ús de eagen  
en fernij ús allegearre troch de Geast  
dy't Jo ús jouwe;  
dat wy ús ôfkeare fan alles  
wat minsken skea docht,  
en inoar yn leafde tsjinje  
lykas Jezus, jo Soan,  
de wiere wei nei it libben,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't ús útnoege hawwe  
om fan de wrâld  
in wenstee te meitsjen foar alle minsken,  
foarmje ús ta in mienskip  
dy't libje wol neffens de grûnslach fan jo Wurd  
en út is op it dwaan fan gerjochtichheid,  
dy't ús ferienet ta bruorren en susters,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Deuteronomium 24:17-22
Antwurdpsalm	Psalm 113
Evangeelje	Lukas 14:1,7-14

### *Eingebied*

Jo, dy't foar ús in wenning tariese,  
wy tankje Jo  
dat Jo ús geande hâlde  
op 'e wei troch it libben.  
Lit alles wat wy dogge  
ús ta inoar bringe  
en hope jaan oan minsken  
dy't útsjogge nei fernijing  
om 'e wille fan Jezus, jo Soan,  
dy't it ús foardien hat  
en foar ús yn 'e pleit giet,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**

## Tolfde snein fan 'e simmer

grien

4 / 10 septimber

ELT: XVI nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 18; RKT: 23e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan

Wês my genedich, Hear,  
want de hiele dei rop ik om Jo.  
Jo, Hear, binne ommers goed  
en ree om te ferjaan,  
ryk oan geunst binne Jo  
foar elk dy't oan Jo ropt.

(Psalm 86:3,5)

Psalm

Ik sil Jo loovje, Hear, myn God,  
mei myn hiele hert  
en jo namme earje oant yn ivichheid.  
want Jo binne tige goed foar my,  
omdat Jo my rêden ha út it djippe  
deaderyk.  
Jo, Hear, binne in barmhertich  
en genedich God,  
geduldich en ryk oan geunst en trou.  
Kear Jo nei my ta en wês my genedich.

(Psalm 86:12-13,15-16a)

of: (berime)

Ps. 86:5,6,7

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, ús God, suverje en beskermje jo tsjerke  
yn oanhâldende ûntferming, sa bidde wy,  
en bestjoer har altyd mei jo genede,  
om't hja sûnder Jo net bestean kin.  
Troch jo Soan, Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Daniël 9:14-19

Graduale

Ps. 102:1,6,8

Epistel

Efeziërs 3:13-21

Halleluja

Halleluja. Syn folk hat Er ferlossing beskikt,  
syn ferbûn har foar ivich oplein; syn  
Namme is hillich en ûntsachlik. Halleluja.

Evangeelje

Lukas 7:11-16

Liet fan 'e snein

Ges. 19: Ut djippe ûngrûn riist myn bea

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Jo hawwe ús net allinne befrijd, God,  
mar ús ek oannommen  
as jo dochters en soannen.  
Wol ús dan sa besielje  
dat wy ús hâlde en drage  
as befrijde minsken  
en it weardich binne  
om de earenamme te dragen  
dy't Jo ús jûn hawwe.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't harkje nei minsken  
dy't fol ferwachting  
jo Namme oanroppe,  
Jo, dy't bliid binne om minsken  
dy't har nei Jo ta keare,  
lis ús yn 'e mûle  
wat wy freegje moatte;  
ûnderrjochtsje ús troch Him  
dy't jo stim yn ús fermidden is:  
Jezus, ús Hear,  
dy't mei ús ûnderweis is,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Ezechiël 33:7-11
Antwurdpsalm	Psalm 119:33-40
Evangeelje	Mattéus 18: [1] 15-20

*Eingebed*

Jo, dy't ús bidden hearre  
en yn ús fermidden binne  
yn alle goedens en ferjouwing  
dy't wy ûnderfine meie,  
lit it ûnder ús sa bliuwe  
en lit jo keninkryk komme  
dêr't wy boartsje foar jo antlit

en einlings minsken binne yn jo Namme,  
dizze dei en al ús dagen.  
**Amen.**

## **jier B**

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't rjocht dogge  
troch jo Namme,  
kom mei jo Geast  
yn ús fermidden,  
lear ús jo Wurd te ûnderhâlden,  
dat wy libje  
en lit ús witte  
dat Jo altyd nei ús harkje  
yn Jezus Kristus, jo Soan,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Deuteronomium 4:1-2,9-20
Antwurdpsalm	Psalm 54
Evangeelje	Markus 8:27-9:1

### *Eingebed*

Jo, dy't ús noegje  
om mei Jo te libjen,  
meitsje nije minsken fan ús  
dy't Jo frijút folgje wolle  
en lit de wrâld  
de hieljende krêft  
fan jo leafde ûnderfine,  
dat jo keninkryk komme mei  
dizze dei en al ús dagen.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't ús de wei nei it libben wiisd hawwe:  
ûnderrjochtsje ús sa troch jo Wurd,  
dat wy in wiis hert krije  
en Jo folgje kinne  
yn 'e fuotprinten fan Jezus, jo Soan,  
dat wy it libben genietsje kinne  
en geande bliuwe  
yn ferwûndering en hope,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Deuteronomium 30:15-20
Antwurdpsalm	Psalm 1
Evangeelje	Lukas 14:25-33

### *Eingebied*

Jo, dy't foar ús in plak reemeitsje  
wy tankje Jo foar de wysheid  
dy't ûnder ús ferskynd is  
yn Jezus, jo Soan.  
Meitsje ús ree  
om syn wurden oan te nimmen  
en Him te folgjen  
op de wei nei it libben  
om sa it lok te finen  
dat ús yn Him tasein is,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**



## Trettjinde snein fan 'e simmer

grien

11 / 17 septimber

ELT: XVII nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 19; RKT: 24e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan Sjoch del op ús beskermer, o God,  
en skôgje it antlit fan jo salvling.  
(Psalm 84:10)

Psalm Hoe leaflik is jo wente, HEARE almachtich.  
Ik longerje en smachtsje,  
ik kwyn wei fan ferlangst  
nei de foarhôven fan de HEARE.  
Myn hert en myn lea roppe  
om de libbene God.  
Lokkich dy't yn jo hûs wenje.  
Hja kinne Jo aloan de lof tasjonge.  
Want de HEARE is ús skûle en skyld,  
God sil geunst en gloarje jaan.  
De HEARE ûntkeart it goede net  
oan har dy't rjochte wegen gean.  
(Psalm 84:2,3,5,12)

of: (berime) Ps. 84:1,2,6

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, God, wy bidde Jo:  
jou ús jo hillige Geast,  
dat wy jo Wurd hearre en oannimme,  
dat ús siel dêrtroch hillige  
en ús hâlden en dragen fernijd wurdt.  
Troch jo Soan, Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Baruch 2:9-15 [4:21-29]

Graduale Ps. 33:1,2,4

Epistel Efeziërs 4:1-6

Halleluja Halleluja. Jim, Godfreezjenden, fertrou  
op de HEARE. Halleluja.

Evangeelje Lukas 14:1-11

Liet fan 'e snein Ges. 314: Wês bliid, o Krist'nen, sjong fan  
herten.

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Jo, dy't alles skepen hawwe  
en dy't boppe alle machten steane,  
ferlies ús net út it each,  
mar help ús om Jo te tsjinjen  
mei ús hiele hert  
en lit ús ûnderfine  
dat wy fersoene binne  
mei Jo en mei elkoar.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't ús op hannen drage:  
toan ús jo barmhertichheid  
hjir yn jo hûs en rûnom op ierde.  
Iepenje ús hert  
foar jo Wurd fan befrijing,  
lit ús hearre  
wat wy Jo wurdich binne  
en meitsje fan ús  
minsken dy't inoar it libben jouwe  
om 'e wille fan Jezus, jo Soan,  
ús wei en wierheid,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**

Tora	Exodus 32:7-14
Antwurdpsalm	Psalm 103:8-12
Evangeelje	Mattéus 18:21-35

*Eingebed*

Jo, dy't minsken ferjouwe:  
ferhear ús bidden  
en lit de hiele wrâld  
bliid wurde  
troch wiere fersoening.  
Lit it in begjin fan frede wêze  
dy't bliuwt,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't goed binne en rjochtfearlich:  
jou ús freugde yn 't libben  
troch jo Wurd  
dat opbloeit yn ús fermidden.  
Meitsje ús better troch jo Geast  
yn Jezus, ús broer,  
dy't de boarne fan libben is  
foar alle minsken op ierde,  
dizze oere en al ús dagen.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 45:20-25
Antwurdpsalm	Psalm 116:1-9
Evangeelje	Markus 9:14-29

### *Eingebed*

Jo, dy't ús oerein helpe ta it libben  
yn Jezus, ús broer:  
lit syn Geast oer ús komme  
dat alles wat wy binne en dogge  
de frede tichteby bringt  
dêr't Jo ús ta roppe  
rûnom op ierde,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

God fan Abraham, Izaäk en Jakob,  
Jo dy't Jo oer ús ûntfermje,  
lit ús hearre  
hoe't Jo by ús komme  
yn jo Wurd,  
dat ta klinken komt yn ús fermidden.  
Jou ús jo Geast  
dat wy jo bern wurde  
troch Jezus, jo Soan,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Exodus 32:7-14
Antwurdpsalm	Psalm 51
Evangeelje	Lukas 15:1-10

### *Eingebed*

Barmhertige God,  
lit ús libben droegen wurde  
troch fertrouwen yn jo soarch  
dy't grutter is as ús tekoartsjitten  
en lied ús dei út dei yn  
op 'e wei fan Jezus, jo Soan,  
dy't ús thúsbringt by Jo,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**